

FAN IT BESTJOER

It bestjoer hat op 17 maaie 2005 byinoar west by Frâns Bakker oan hûs om de nije wurklist wer gear te stallen. Dizze krije Jo hjirby en wy hoopje dat der foar elk wer wat by is. Fierder binne in oantal saken besprutsen. It docht wol bliken dat it plak yn De Raadsman foar fierwei de measten tige gaadlik is. Dat dit bliuwt ynearsten ús plak. It betsjut wol dat, foar it earst sûnt it bestean fan de Stifting Grou, de ynlagen ferhege wurde. Foar eltse persoan wurdt de ynlage fiif euro, sadat pearen tenei tsien euro betelje en ienbere persoanen fiif euro. Dizze ferheging giet fuortendaliks yn. De gearstalling fan it bestjoer is fierder net feroare. Yede vd. Veen is foarsitter, Gé van der Goot-Bangma skriuwer, Frâns Bakker ponghâlder en Anna Hemstra-de Jong en Bauke Lageveen meitsje it bestjoer folslein.

WURKLIST FOAR IT WINTERSKOFT 2005 – 2006

It plak: De boppeseal fan De Raadsman, it begjin is alle jûnen om healwei achten.
Ynformaasje : Pr. Beatrixwei 8, 9001 JM Grou , tillefoan 0566-621992

Tongersdei 20 oktober sil **Sybrén van der Vlucht** syn ferhaal trochsette. Dat wol sizze: In praatsje by in plaatsje, dêr't somtiden jimme help by nedich is. Dizze kear rint er fan de Reinerswei nei De Galle.

Tongersdei 8 desimber sil **Joke Adamse-Deelstra** oan it ferhaal oer har leafde foar it sjongen. Begûn yn de musykskoalle fan Jeh. van Stralen hat dit laat ta
Sy sil ús priuwkes hearre en sjen litte.

Tongersdei 19 jannewaris sil **Ype Sytema** it ferkrantsjen fan in âlde jiergong fan de "Frisia" fuortsette. Hy pakt de tried wer op dêr't er ferline jier bleaun is: healwei de jierren fyftich fan de foarige ieu.

Tongersdei 9 maart sille **Ytsje Huisman-van der Meer** (út It Leechlân), **Yke de Groot-Tilma** (fan Sitebuorren) en **Anne de Groot** (fan Goattum) ús fertelle oer harren libjen, wenjen en wurkjen yn it bûtengebiet fan Grou. Sy sille û.l.f. **Hepke Hiemstra**, de ferhalen dy't yn de rin fan de tiid troch him optekene binne, nochris opdise.

Jo wiene op it momint fan rûnstjoeren fan de wurklist noch net lyk mei de ponghâlder oer it jier 2005. Dêrom graach Jo ynlage (€ 10,00 foar pearen , € 5,00 foar ienbere persoanen) foar 1 oktober oerskriuwe op giro 1252971 fan de Skathâlder Stifting Grou, Hoxma 50 te Grou.

TE KEAP

By de ponghâlder binne noch in tal boeken te keap:

De Krite yn 'e kranse	S.A.Schoustra	ien euro
Trije Grouster Stúdzjes	S.A.Schoustra	ien euro
Grouster Almenak	T.B.Hoekema	trije euro
Grouster Toponymen	S.A.Schoustra/T.B.Hoekema	fiif euro
It Gild to Grou	S.A.Schoustra	fiif euro
Grou 2000	S.Douma e.o.	fiif euro

FERSLACH OER IT WINTERSKOFT 2004 – 2005

Op **30-09** ûntfalt ús **Wytske Wybenga-de Boer**, yndertiid mei har man Reid Doekes Wybenga, en ek letter noch gauris, in trou besykster fan ús jûnen.

En op **27-10** ferstoar yn âldens fan 77 jier **Durk Bakker**. Hoewol't er noch net sa lang stiper wie, fiede er him by ús wol thús.

Dan **04-11**, de earste jûn fan it nije winterskoft. Yede van der Veen, ús foarsitter, iepenet de jûn mei de winsk dat elkenien wer noflikke jûnen belibje mei. Hjirnei krijt **Sybren van der Vlugt** it wurd en begjint al mei te sizzen dat alles as los sân oan elkoar hinget. Mei bylden troch Reinder Bouma by elkoar sammele, krije we hiel wat te hearren en te sjen, sa as de Grouster boat mei Jan Heida, Lize Mink as parlevinker, Piter van der Berg mei de karre, Rienk Vlieger, Sjoerd Budstra en Teake Bijlsma op de brêge. Ek "Eufonia" fan 1902, Jaap Jonker, Jelke Snider, Freak Postma, Jaap Duiker en net te ferjitten moaie froulju mei de nammen Tsjet, Pytsje, Richtsje, Minke, Aaltsje, Roel, Anke en nim mar op, passearje op it skerm foarby.

Ek kaam it "skeve-nekje-orkest" op 't aljemint. Fierder it 60-jierrich bestean fan Frisia yn 1920, in optocht fan in skoalfest yn 1929, de naaiskoalle yn 1924, oprjochting fan V.V.V. , Apollo , de Kowemerk op 16 septimber 1929, jonge swimfroulju út Grou en in serenade foar Popke van der Goot. Ek it skipkesilen kaam oan de oarder. Alle V.V.V.bestjoeren wiene yn 1928 nei Grou ta reizge en de jonge skipkesilers moasten doe in demonstraasje jaan.

Sybren fertelde mar troch en beslist net as los sân. Mei prachtige bylden en smoute útspraken seagen we noch it Mingd Koar yn 1937, famylje foto's, de Haensmole, de iepening fan de Luif mei boargemaster Walda, de Lange Jammer, Westerbuurt mei de "Jonge Valk"(1898), it 50-jierrich bestean fan it bûterfabryk yn 1948, Van der Vlugt mei de branje, Teade-Jel yn de steech efter de tsjerke, iepening fan Friesmahiem yn 1951 troch Joekes en de jachthaven yn 1954.

En ta beslút noch bylden fan de famylje Wielsma, Jan de Wal en Rein Reitsma, de pleats fan Lieuwe Schuurmans en karrider Tsjebbe van der Meer. Al mei al in tige moaie jûn.

Op **09-12** belibbet **Ype Sytema** syn premiêrejûn mei de "Frisia" 1945 o/m 1954. Ek dizze jûn wurde mei de ferhalen fan Ype wer allegearre bylden fertoand. De earste foto dy't we sjogge is Ype mei Henk (Sjo). Ype ferteld earst wa't er is en fan wa't er ien is en begjint dan mei de Frisia fan eartiids. Yn 1945 binne Gjalt en Hanne Pylman troud en Sipke en Hinke ferloafd. Bakkerij Haites wurdt oernommen troch Velink en Rinze Moedt wurdt op 1 april 1946 bakker yn de Lytse Buorren.

It Beaken komt hjir op 26 novimber 1945 en Kees Haites komt op 5 jannewaris 1945 yn it badhûs. Yn april 1946 wurdt de hear Wieling beneamd oan de U.L.O. Learkrêften wiene doe De Haan, Van der Velde, Wieling en Zijlstra. Meubelsaak Fokke de Jong kaam yn april 1946 en yn maaie jachtwerf De Pôlle. Ruiladvertinsjes stienen ek yn de Frisia en mannich trouadvertinsjes. Yn 1947 wurdt de brânje krap, Rozema ferlit it Teehûs en Verasdonck komt der yn.

Yn 1948 nimt Sixma ôfskied as koster fan de menniste tsjerke. Douwe Spoelstra nimt it oer. Op 15 juny kamen soldaten werom út Ynje. Turf út de Deelen wurdt helle troch Klaas van der Vlugt, Louw Atema en Pyt Sytema en de gemeente krijt Rozema as nije túnman. Yn 1948 komt Wytse(buske), krijt Grou nije strjitnammen sa as Master Wielsmaplein en Koningin Julianastraat. Ype is goed op dreef en mei de bylden der by is alles tige nijsgjirrich.

Yn april 1949 krijt Palstra in nije bus en op 8 oktober stiet in stik yn de Frisia oer bandeloaze jeugd. Neffens Ype syn petear docht bliken dat plysje Vollema in earste klasse ferteller is, dat Tsjerk en Oentsje Postma nei Starum ferhúzje, Gjalt Keidel slagget as stjoerman op 'e grutte feart en in pear steltsjes de lapen gear smite. Yn novimber 1954 nimt ds. Pasma ôfskied, docht Skiere de saak oer oan Leuthoff en de Bierhalle wurdt op 13 febrewaris ferkocht oan de fam. Van den Bosch. De menniste pastorie wurdt oan Jan Boerke ferkocht. Ype hat ús op in tige nijsgjirrige wize foar it fuotljocht brocht wat der yn de jierren 1945 o.m. 1954 û.o. yn de Frisia stie en de muoite wurdich wie oan ús troch te jaan.

Op de lêste dei fan it jier, **31-12**, komt in ein oan it libben fan **Sijbe Westra Winselaar**, no fan Burgum. Syn libben lang hat er by de Fryske plysje arbeide.

2005

Troch omstannichheden koe de jûn fan **20-01** net fersoarge wurde troch master Tichelaar, wat tige spitich wie. Lokkich wie **Durk v.d Mei** ree om syn ferhaal te dwaan mei fansels ek wer bylden fan Grou yn de rin fan 1950 oant 2000 ta. Earst krije we in kaart te sjen fan Schotanus út 1664 fan Grou. Yn 1670 wie de ûntsluting fan Grou en yn 1759 is de dyk ferbettere en kaam der in brêge by Jirnsum. Yn 1883 waard de klapbrêge in draaibrêge. Durk nimt ús mei nei it stasjon, Suorein, stoomgemaal (1919), de baileybrêge, it Kofjehûs, it ôfskied fan boargemaster Walda en de ynstalaasje fan boargemaster Vrijling. Ek it bûterfabryk(1969), de Hoanepôlle, it byld fan dr. Eeltsje, Wytsma-pleats, Nesserdyk, GAVC en de winter fan 1969. Durk syn ferhaal giet fierder mei it opslachplak fan de gemeente, de Paviljoenstrjitte (boud yn 1905), merkebyldenfan 1963, de jachthaven yn 1963, de Grou en De Pôlle en ta einbeslút frachtrider Tsjebbe v.d Meer. Ek Durk hat der wer foar soarge dat elkenien in tige moaie jûn hân hat.

Dan alwer de lêste jûn fan it winterskoft op **10-03**. **Jan de Wal** hat it dizze jûn oer dokter Eeltsje. Eeltsje Hiddes Halbertsma, de jongste fan fjouwer bruorren. Yn 1788 troude Hidde Joost Halbertsma mei Ruurdsje Tsjalling Binnerts. Ut dit houlik wurde fkouwer soannen berne. Joost (1789), Tsjalling (1792), Binnert (1795) en Eeltsje (1797). Binnert Halbertsma hie in soan Hidde en dy hannele yn bûter en hout. Fan dizze Binnert stamme ús Halbertsma's.

Eeltsje gong nei it gymnasium yn Ljouwert. Hy wie 16 jier doe't er klear wie. Nei lang beried studearre hy yn Leiden foar dokter. Fan de erfenis fan syn âlden koed er leare. Mar hy woe fierder en Heidelberg luts. Hy hat 'gelok' hân dat syn omke Eeltsje stoar, want dy liet jild nei. Eeltsje hat in healjier kolleezje rûn en hy hat dêr in protte leard. Doe't er klear wie kaam syn proefskrift. Hy waard dokter yn Purmerein, mar dêr wie it folk konservatyf. Hy krige in bulte frije tiid en begong mei skriuwen.

Letter waard er dokter yn Grou. Hy koe it wetter net misse en kaam yn 'e kost yn de “Hof fan Brussel”. Eeltsje troude mei Baukje út Boalsert en se krigen fjouwer bern.

Lieuwe, de âldste, wie dûmny yn Eanjum, Ruerdsje krige kunde oan in Boonemmer, in notarisklerk út Boalsert. Hidde studearre foar dokter yn Amsterdam en Anne wie de jongste. It libben fan Eeltsje is net oer roazen gien. De ferhâlding mei Baukje wie net goed, syn dochter Ruerdsje is stoarn oan de pokken, Anne oan TBC en ek Lieuwe stoar. Yn ien jier tiid hat er fiif neiste famyljeleden ferlern.

As skriuwer hat Eeltsje hiel wat op papier set û.o. Grouster Weagen, de Jonkerboer, de Sint Piterboask, de Grouster weachmasters en noch folle, folle mear. Eeltsje hie in hurde kop en Baukje hat in min libben by him hân, ek al om't er faak dronken wie.

Ien fan syn moaie útspraken is: In bult stront yn in lyts pantsje. Jan hat der in hiele stúdzje fan makke en yn gearwurking mei Reinder hawwe we wer hiel wat meikrigen dizze jûn.

Op **12-03** hearre wy fan it ûnferwachts ferstjerren fan **Joukje (Joke) Postma-Nijenhuis**, no fan Nijehoarne, alearen kafetariahâldster fan Cafeteria Postma, mei har man Rein Postma.

En op **23-05** komt nei in drege tiid in ein oan it libben fan **Jan Willem Leistra**, jierrenlang man fan it elektrysk, it fak en bedriuw dat er oernaam fan syn heit.

Noch oanwêzich op alle jûnen fan it lêste winterskoft en yn de rin fan ‘e jierren hast altyd derby, sa hâlde wy ús **Janke Betten-Koopstra** yn it ûnthâld, dy’t op **30-05** hastich komt te ferstjerren.

Krekt ien dei foardat it Grouster skûtsje kampioen waard fan it SKS-skûtsjesilen ferlear it doarp Grou op **11-08** ien fan syn bekendste ynwenners, **Homme Fopma**, yn âldens fan 71 jier. Reduster fan komôf hat er him tige yn de Grouster mienskip bewoartelle. Skoalmaster, toaniel (Durk Snoad), it Sint Piter-mearke, aaisykje, fuotbal, kuorbal, it damjen by “De Toer” en folle mear. Mei ‘syn’ Anneke ek gauris oanwêzich op ús jûnen.

Oan it lange libben fan (âld-stiper) **Pyt Zwart-Ratsma (juf Pytsje)** kaam op **26-08** nei 105 jier (as âldste ynwenster fan Fryslân) in ein. Berne te Grou, hat se inkelde jierren (om 1920) juf oan de bewaarskoalle west. Fanôf it begjin hat se belutsen west by de Stifting en wie ek faak oanwêzich op ús jûnen.

IT ARGYF

Wy trune ús stipers oan om foto’s, aansichten, printen, wurklisten, brieven, notuleboeken en fersen, lieten, boeken dy’t te meitsjen hawwe mei of makke binne troch Grousters oan ús argyf ôf te stean of yn brûklien te jaan: serieuze brûkers sille jimme tankber wêze. Sa njonkenlytsen wreidet it argyf fan de Stifting him hyltyd fierder út. Sawol de foto- en aansichtensamling (dêrfoar kinne Jo terjochte by Bauke Lageveen) as de ‘oare’ samling. Foar dizze lêste samling kinne Jo ynearsten terjochte by de bibleteek yn Grou, dêr’t in opjêfte fan de oanwêzige stikken yn te sjen is.

Foar it be- en ferwurkjen fan ús archyf soene wy graach wat help krije. As Jo in kompjûter hawwe mei in Excell-programma en Jo sykje kommende winter noch wat tiidkoarting, dan soene Jo ús grif helpe kinne. It wurk kinne Jo gewoan thús dwaan en krekt as it Jo útkomt.